

Foarlêspakket “Sytske helpt de boltsjes”

- Ynklusyf:
- foarlêserhaaltsje
 - kleurplaat
 - 2 opdrachten
 - wurdposter
 - opsiferske
 - poezyposter




Sytske helpt de boltsjes

Sytske helpt heit yn 'e tún.
 Heit makket gatsjes yn de modder.
 En Sytske leit yn elk gatsje in blombol.
 Dêr komme letter blomkes út.
 Heit makket de gatsjes wer ticht.
 Wannear komme de blomkes? freget Sytske.
 Net sa hurd, Sytske, laket heit.
 Earst komme der woartels oan de boltsjes.
 En dan groeit it stâltsje omheech.
 Mei de bledsjes.
 En dan pas komme de blomkes.
 Wat duorret dat lang! suchtet Sytske.
 De boltsjes moatte wetter ha, seit heit.
 En de waarme sinne.
 Dan groeie se hiel hurd.
 Sytske leit op bêd.
 Se tinkt oan de boltsjes ûnder de grûn.
 Yn de nacht is der gjin waarme sinne.
 En it reint ek net.
 Soene de boltsjes no wol groeie?
 Ik wit wat, seit Sytske.
 Ik help de boltsjes.
 Se stapt út bêd en docht har slofkes oan.
 Se siket yn de kast nei har bûslampe.
 De blommejitter stiet yn de keuken.
 En dan... slûpt se hiel stil nei bûten.
 Se skynt mei de bûslampe op 'e modder.
 Mar se sjocht gjin blomkes.
 Allinne mar swarte modder.
 Ik jou de boltsjes wetter, seit Sytske.
 Dan groeie se folle hurder.
 En ik skyn mei de lampe.
 Dan groeie se noch folle hurder.




Heit wurdt wekker.
 Hy stapt út bêd en sjocht troch it rût.
 Wat is dat?
 Der skynt in ljocht yn de tún.
 En der beweecht wat.
 Stap, stap, dogge de bleate fuotten fan heit.
 Stap, stap, stap.
 Wat sil dat yn myn tún? ropt er lûd.
 Sa mar midden yn 'e nacht?
 Sytske skrikt.
 Ik bin it heity, seit se in bytsje bang.
 Ik woe de boltsjes helpe mei groeien.
 De boltsjes moatte 's nachts sliepe, laket heit.
 En do ek, lytse flarde.
 Heit tilt Sytske op en bringt har gau wer op
 bêd.





Opdracht: fan lyts nei grut

Lit de bern ûndersteane blommen ynkleurje en fan lyts nei grut op in papierke plakke.




Opdracht: blomkes groeie litte



De bern krije yn 'e gaten dat der plantsjes út siedsjes groeie kinne.
Fervje earst mei de bern de reade stiennen blompotten.
Dat kin mei ien kleur, mar ek mei mear.
Se kinne der ek blommen of plantsjes op fervje.
Elk bern docht potgrûn en siedsjes yn de eigen blompot.
Dêrnei jouwe se de siedsjes wetter.
Meitsje etiketsjes mei de nammen fan de bern op de blompotten.
Set de potten op in waarm plakje yn it lokaal.
Dan groeie de siedsjes better.
Folgje it groeien fan de siedsjes mei de bern.
Lit se fertelle wat se sjogge.



de blommen




de bloemen



Groeie, groeie, groeie,
siedsje, groei mar hurd.
Wy jouwe dy wat wetter,
want dan wurdsto grut!



The background is a soft, watercolor-style illustration. The top half is a light blue-green sky with several pink butterflies of various sizes scattered throughout. The bottom half is a rolling green hill. In the foreground, there are stylized green leaves and pink flowers, some resembling dandelions with their seeds. The overall mood is gentle and dreamlike.

*Flip flap flinterke dûnset yn 'e loft,
tutet alle blomkes, rêst dan wer in skoft.*

*Flip flap flinterke hat sa'n moaie dei,
sûcht út alle blomkes 'n dripkje huning wei.*